

Parseberjocht

Afûk en FrieslandWonderland ynvestearje mei-inoar yn doarpe-ynformaasje.

De Afûk sil nau gearwurkje mei FrieslandWonderland. De gearwurking is fêstlein yn in konvenant, dat 27 jannewaris troch beide partijen tekene is.

FrieslandWonderland beheart in database mei toeristyske en kultuerhistoaryske ynformaasje oer Fryslân. Dêryn sit ûnder mear tekst- en byldmateriaal oer alle Fryske doarpen en stêden, lânskippen, natuergebieten, kultuerskiednis en boud erfguod. De ynformaasje wurdt benammen brûkt troch toeristysk-rekreative bedriuwen. Dy kinne harren websites streekrjocht keppelje oan de oanbelangjende doarpe- of giropagina yn de database.

Neffens de Afûk is de ynformaasje fan FrieslandWonderland ek ynteressant foar de ynweners fan Fryslân sels. "FrieslandWonderland slút oan by de groeiende belangstelling foar de eigen omkriten en de skiednis dêrfan. It befoarderjen fan dy belangstelling is ien fan ús doelstellings. Dat is de reden fan ús gearwurking.", sa seit Mirjam Vellinga fan de Afûk.

De gearwurking draacht neffens Vellinga ek by oan de doelstelling fan de Afûk om de kennis en it brûken fan de Fryske taal te befoarderjen. Op dit stuit is de ynformaasje fan FrieslandWonderland foar in part beskikber yn it Frysk. De Afûk sil de kommende tiid de rest oersetse. Dêrneist wurdt yn de database in taal-tema opnommen. De gearwurking sil dan ek resultearje yn in tal oare nije tema's yn de database.

De Afûk is de earste organisaasje dy't in keppeling oan de database kriget op provinsje-nivo. Op guon websites fan de Afûk sil meikoarten wiidweidige ynformaasje te finen wêze oer alle, goed 400, plakken yn Fryslân. De Afûk en FrieslandWonderland hawwe ôfpraat dat se har mei-inoar ynspanne sille om ek safolle mooglik doarpswebsites te keppeljen oan de database. "De krêft fan it FrieslandWonderland-konsept is dat de ynformaasje ienfâldich fia tal fan websites ferspraat wurde kin. Dat is fansels in tige effektive wize om de Fryske taal in prominint plak te jaan op it ynternet", fertelt Mirjam Vellinga. Bauke Folkertsma follet oan: "Mei it keppeljen fan de doarpsites hoopje wy út de doarpen wei ek wer nij ynteressant materiaal te krijen foar de database. Op dy wize, én mei de ynput fan partijen as de Afûk, besykje wy de ferburgen skatten fan Fryslân sichtber en tagonklik te meitsjen foar in breed publyk."

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei:

Afûk: Mirjam Vellinga (058 - 2343070)

FrieslandWonderland: Bauke Folkertsma (0513 - 415378 / 06 - 51151519)